

Haw gjin noed

Jo witte, HEAR,
ik bin net eigenwiis, alhiel net grutsk,
ik set de pols net fierste fier,
wit hieltyd wa't en wat ik bin
en ik oerraas my net.

Nee, krekt oarsom,
stil prate ik my del, by noed en soarch.
'Stil', sei ik, 'stil mar, haw gjin noed'.
Ik haw in mem west foar mysels,
ik bin in bern dat rêt.

Do, Israel,
fertrou de HEAR, en haw gjin noed
foar hjoed net en foar moarn.

*tekst Liesbeth Goedbloed, Psalm 131 – 'U weet het, HEER, ik ben niet arrogant'
oersetting David de Jong
meldij Nico Knibbe en Niels Dolieslager*